

Achte leden,

It bestjoer nûget jo út foar in ledegearkomste op tiisdei 07-10-2025, de jûns om 19.45 oere yn de GJ-seal fan Tresoar, Boterhoek 1, 8911 DH Leeuwarden.

Tink derom dat der yn Ljouwert oant 22.00 oere betelle wurde moat foar it parkearen!

WURKLIST

1. Iepenjen;
2. Ynkommen stikken en meidielingen;
3. Ferslach fan de lêsthâlden ledegearkomste op 17-04-2025;
4. Ynlieding fan Cuno Koopstra:

Op 'e nij it Waagplein yn Ljouwert.

Begjin 2023 is it Waachplein yn Ljouwert op 'e nij ynrjochte. Under lieding fan André Pleszynski is der in opgraving west. Tafallich kaam dit krekt út mei syn sprekbeurt foar it Wurkferbân yn febrewaris 2023. Hy hat ús toen al it ien en oar ferteld oer wat dêr oan it ljocht kaam. Mar no is de einrapportazje klear en út de analyze is folle mear kaam as yn earste ynstânsje allinnich út de fynsten bliken die. No komt archeolooch Cuno Koopstra en projektmanager by Movares te fertellen oer de lêste befiningen fan de opgraving.

5. Skoft en determinaasje fan meibrochte fynsten;
6. Ferfolch/neibesprek fan de ynlieding;
7. Omfreegjen;
8. Sluting.

Koos Tiemersma
Skriuwer AWF
jtiemersma@hetnet.nl

Taheakke:

Ferslach lêsthâlden ledegearkomste fan 17-04-2025

Noch moaie fynsten thús? Nim se mei!